

Stifting Krúspunt

Ferslach Krúspuntdei 5 april 2025, ynklusyf Gearkomste mei de stipers.

Akkrum, De Lantearne, Dringelstrjitte

Konsept

Om 10 oere iepenet de foarsitter Liuwe H. Westra de gearkomste. De opkomst is goed, in 34 oanwêzigen tekenen de presinsjelist.

Fan it bestjoer binne oanwêzich: Johannes Bakker, Martha de Boer-Van Slooten, Wessel Rozendal, Tryntsje van der Veer (ferslach) en Liuwe Westra. Ek binne oanwêzich de kandidaat bestjoersleden Feike Dijkstra en Hessel Yntema.

M.k. ôfwêzich: Geart Bruinsma.

De foarsitter hjit elts wolkom en jout in oersjoch fan de dei, mei yn it moarnskoft twa sprekkers en nei de lunsj de gearkomste mei de stipers en dernei de ôfslutende fesper. Sjoch it omstjoerde programma.

Wy sette útein mei it sjongen fan 'In Spyltúch', ûnder begelieding fan Geart van der Heide en sille dizze dei tusken alle ûnderdielen in pear lieten sjonge, foaral út de bondel Lieten fan Leauwe en Langstme.

As earste jout Johannes Bakker in oersjoch oer de KFFB. Hysels wie foarsitter fan 2011 oant en mei de lêste hannelingen yn 2025. Nei him fertelt Sytse Buwalda oer de Kynderbibel, mei troch him skreaune bibelferhalen yn it Bilts. Beide sprekkers beantwurdzje inkelde fragen.

Yn it skoft (oere) binne de petearen libben en wurdt der ek kuiere yn de moaie tún.

Dan folget fan 13:30 ôf de **jiergearkomste**. Wy steane stil by it ferstjerren fan Anna Marike Dijkstra-van der Woude, dy't yn it bestjoer skriuwster wurde soe, en by Reinie Zondag, de frou fan Koen Zondag.

It **jierferslach 2024** wurdt goedkard, ek de **finansjele stikken** (omparten). De taljochting hjirop is foldwaande. Kompliminten wurde ûntfongen fan de kontrôlekommisje, dy't de ponghâlder – dit jier waarnommen troch de foarsitter – ûntlêstige. Tank is der foar de hearen Gerrit Bakker en Catrinus Corporaal, dy't ek wer foar de kontrôle fan it boekjier 2025 frege wurde sille. Wy binne Piet Miedema erkentlik foar op 'e nij helpen by it opstellen fan de stikken. Dit hinget gear mei de sitewaasje dat de oerdracht fan it ponghâlderskip oan Wessel Rozendal minder fluch giet as foarsjoen. Ek Tryntsje van der Veer wurdt tanke foar it waarnimmen fan de skriuwersfunksje. Hjoed nimme wy yn it bestjoer ôfskied fan Johannes Bakker, dy't út de Feriening fan Fryske Foargongers ôffurdige wie, in feriening dy't ûnderwylst net mear bestiet. De foarsitter sprekt him ta en tanket him foar syn ynset. Yn de rûnte fan it bestjoer sil noch ôfskied nommen wurde. Nei in yntroduksje troch beide kandidaat bestjoersleden wurdt troch de oanwêzigen ynstimd mei de foardracht fan Feike Dijkstra en Hessel Yntema.

By it omfreesjen lit Alex Riemersma witte dat de Wurkgroep Fryske Fespers de Stifting Krúspunt erkentlik is foar de stipe. Sa is it mooglik dat dizze fespers eltse moanne (4e snein) útstjoerd wurde (fia de Grutte Tsjerke fan Ljouwert). André Looijenga wiist op it projekt út Nijkleaster wei fan it oersetten fan de '150 Psalmen Vrij' fan Huub Oosterhuis nei it Frysk, neffens plan begjin 2025 klear. Jan Jongsma freget oft it oan de provinsjegrinzen aktyf

promoate wurde moat om Frysk te praten. Al rillegau wurdt dúdlik dat in tredde part fan de Frysktaligen har ús taal op lettere leeftyd eigen makke hat en soks neat tafoeget.

De foarsitter wurdt tanke foar syn ynset. Ek dit kriget byfal.

Oer it **'taalramt Fryske tsjerken'** jout de foarsitter oan dat in fertsjintwurdiging út it bestjoer wei mei in delegaasje fan it YKFE oparbeidzje sil. Fanwege omstannichheden by it YKFE is de progressy oer dit ûnderwerp dit jier beheind, al wurdt de nijsbrief út de klassis wei twatalich omstjoerd. Wy prate ôf dat de St. Krúspunt no it foartou nimt.

Underwylst komme mear besikers binnen, gearhingjend mei de útrikking fan de twa-jierlikse **Bernard Smilde Priis**. Fan de sjuery, mei as dielnimmers Grytsje Kingma, Tonny Terpstra en Tytsje Hibma, kin allinne de lêste hjir oanwêzich wêze. Sy lêst it sjueryrapport foar, en neamt derby ek de persoanen en organisaasjes dy't nominearre wiene. De sjuery hat de klam lein op itjinge de lêste twa jier nei foaren kommen is op it mêd fan it aktyf brûken fan it Frysk yn tsjerklike rûnten. De BSP giet nei de Protestante Gemeente Burgum, fanwege de ûntjouwing fan in aktyf taalbelied, ynsklysyf in oansprekken, mocht der gjin Frysk brûkt wêze. De oarkonde wurdt yn ûntfangst nommen troch Oebele Kooy, foarsitter, Attsje Stamhuis, skriba en Reinier Tuitman, foargonger. Sy tankje foar de erkenning en uterje it foarnimmen om ek har webside mear Frysktalich te meitsjen.

De ôfslutende fesper wurdt hâlden yn de Terptsjerke, mei Hessel Yntema as foargonger en Geart van der Heide as oargelist. It is in Oandachtstsjinst, mei in soad sjongen.

Om 16:30 wurdt de Krúspuntdei ôfsluten.

Tank oan alle oanwêzigen, ynliders en helpers.